

Frijbûtser

Moanneblêd fan de FNP

Novimber 2009, nûmer 398, spesjale edysje

Útslach FNP-enkête 2009



Arno van der Zwet

Arno van der Zwet hat foar syn promoasje-ûndersyk oan de Universiteit fan Strathclyde yn Glasgow (Skotlân) yn maart dit jier in enkête ûnder de FNP-leden holden. De útslach dêrfan is no beskikber en ôfprinte yn dizze spesjale Frijbûtser. Om dy útslach goed te begripen, kinne we de keale sifers – ôfprinte op side 4 o/m 11 – net los sjen fan de analyse dy't Van der Zwet derfan jout. In tige nijsgjirrich ferhaal dat ús in soad leart oer de stânpunten fan ús leden en de opbou fan ús ledebestân.

Arno van der Zwet hat foar dizze Frijbûtser in gearfetting fan de analyse makke mei dêryn de meast nijsgjirrige ûnderwerpen. De folsleine analyse, ynklusyf tabellen en grafiken, is te finen op ús webside www.fnp.nl. In lêsbêr en oersichtlik ferhaal en tige de muoite wurdich om in goed byld fan de FNP en de FNP'ers te krijen.

Nynke Beetstra, foarsitter

Analyze fan de FNP lede-enkête 2009

Dizze analyse beskriuwt de enkête dy't ûnder alle leden fan de FNP yn 2009 holden is. Om twa redenen waard de foarkar jûn oan in skriftlike enkête boppe ien fia it ynternet. Foarst, om't net alle leden tagong ta it ynternet hawwe en om't foaral âldere leden faaks net by steat binne of har net op har gemak fiele om in enkête, dy't fia ynternet tastjoerd is, yn te foljen. Twad, om't eardere FNP-enkêtes skriftlik holden binne en de enkête fan de Skotske Nasjonale Partij (SNP) fan 2007 – dêr't de resultaten mei ferlike wurde sille – ek in skriftlike wie. Dêrom hie it de foarkar om de gegevens neffens deselde metoade te sammeljen. De fragen waarden gearstald oan de hân fan ferskate boarnen. De wichtichste boarne wie de SNP lede-enkête fan 2007, dy't ûnder tafersjoch fan de Universiteit fan Strathclyde en de Universiteit fan Aberdeen holden waard. Sommige fragen waarden oanpast om se foar de Fryske situaasje geskikt te meitsjen. In twadde boarne foar de fragen wiene twa FNP-enkêtes út it ferline. Yn de fragelist waarden ek fragen opnommen dy't spesjaal steld binne om oan te sluten by de hjoeddeistige Fryske situaasje en by de belangen fan dizze stúdzje (Europeeske Uny, miljeu en hoe't oer ymmigraasje tocht wurdt). De fragen biede de mooglikheid om sawol de SNP en de FNP mei-inoar te ferlykjen as ek om de ûntwikkeling fan de FNP yn in histoaryske kontekst te analysearjen. Boppedat is it mooglik om spesifike belangstellingsfjilden te ûndersykjen.

De enkête waard ferspraat yn de wike fan de 16^e oant de 23^e maart 2009. It totale tal enkêtes dat fersjoerd waard is 1208, wat strykt mei it tal FNP-leden op dat stuit. Op 9 juny 2009 kaam it definitive tal weromstjoerde enkêtes op 579, in respons fan 47,93%. Sa'n respons is fergelykber mei dy by oare enkêtes. De enkête ûnder FNP-leden yn 2000 hie in respons fan 55,25%. Dy enkête wie koarter, wat mooglik de wat hegere respons fan gefolgen hân hat. De respons is befredigjend, mar ek moat opmurken wurde dat mear as 50% fan alle leden net antwurde hat, wat liede kinne soe ta in ferfoarme demografysk byld.

Op de siden 2 en 3 wurdt in seleksje fan dy resultaten presintearre. Foarst wurde de sosjo-demografyske resultaten fan kommentaar fersjoen. It twadde part lit in skets fan de politike preferinsjes en de elektorale strategy sjen. Dan folget it yn kaart bringen fan fragen dy't te krijen hawwe mei identiteit. It fjirde part jout in analyse fan de politike prioriteiten. It lêste part befettet in oersjoch fan de preferinsjes fan FNP-leden oer in grûnwetswiziging.

Arno van der Zwet, ûndersiker

Sosjo-demografy

Mear as 70% fan de FNP-leden is man. Dat persintaazje komt oerien mei de resultaten fan de enkête fan 2000, doe't de ferdieling tusken manlike en froulike leden 73% om 27% wie. Manlike partisipaasje oan politike partijen is oer it generaal grutter. Lykwols liket it by de FNP dreger om froulike leden foar de partij te ynteressearjen as by sommige oare politike partijen. Fierder bewiis dat de FNP in partij is dêr't manlju de oerhân hawwe, kin fûn wurde as men de ferhâlding man/frou by it kader fan de partij analysearret. Dy ferdieling is rûchwei gelyk oan dy by alle leden. As konkludearre wurdt dat de ferdieling by it kader represintatyf is foar de ferdieling man/frou by alle FNP-leden, lizze de ferhâldingen skeef yn de rjochting fan de manlju.

De trochsneed âldens fan de FNP-leden lei krekt ûnder de 60 jier. Yn de FNP-enkête fan 2000 waard de leden frege om har âldens yn trije skiften oan te jaan ynstee fan it jaan fan in presizer oantsjutting fan it bertejier. Yn 2000 wie 58% âlder as 50 jier. Dat getal is oprûn oant likernôch 80%. Mar 3,4% is jonger as 35. De groep fan leden boppe de 75 komt dêr mei 13,5% royaal boppe-út. Neffens de eigen lede-administraasje fan de FNP is 8,1% fan de leden ûnder de 35 en 11% âlder as 75. Sadwaande moatte we der rekken mei hâlde dat de âlderein yn dizze analyze wat oerfertsjintwurdige is.

Politike foarkar en elektorale strategy

Wêr stiet de FNP en wat binne syn politike preferinsjes? Op dit stuit skoot de FNP kandidaten nei foaren foar gemeentlike en provinsjale ferkiezings. 88,4% fan de leden kiest by beide ferkiezings FNP-kandidaten, wylst 6,6% dat mar by ien fan de ferkiezings docht. 2,6% kiest net FNP; de wichtichste reden dêrfoar is it wenjen bûten Fryslân, wat it foar dy leden ûnmooglik makket om op FNP-kandidaten te stimmen.

Om't de FNP op dit stuit net oan lanlike ferkiezings dielnimt, sille de measte leden dêrby op oare, lanlike partijen stimme. Yn 2006 waarden foar it lêst lanlike ferkiezings holden. Dêr binne de preferinsjes fan de FNP mei ferlike. In gat fan trije jier tusken de ferkiezings en de enkête is in aardich lang skoft en it sil mooglik mear doel hawwe om de resultaten fan de FNP-preferinsjes te ferlykjen mei de lanlike ferkiezings fan 2011. Nettsjinsteande dat kinne in pear foarsichtige konklúzjes lutsen wurde. Foarst, dat de twa partijen dy't by de lanlike ferkiezings fan 2006 de measte stimmen krigen, ek de twa partijen mei de measte stimmen fan de FNP-leden binne. Twad, FNP-leden hongen by de lanlike ferkiezings fan 2006 oer it generaal oer nei it styppen fan de lytsere partijen.

By it hâlden fan de enkête yn 2009 krige de Partij voor de Vrijheid, in uterst rjochts ekstremistyske partij, in soad stipe en nochal wat omtinken yn de media yn Nederlân. By de EU-ferkiezings fan 2009 krige de PVV 17% fan de Nederlânske stimmen. Hoewol't gjin sifers beskikber binne om sjen te litten yn hoefier't FNP-leden har stim joegen oan de PVV (groep Wilders) by de lanlike ferkiezings fan 2006, kinne we konkludearre dat de PVV ûnder FNP-leden hiel wat minder populêr is as dat op lanlike skaal yn trochsneed it gefal is.

Oan de leden waarden trije fragen steld oangeande it dielnimmen fan de FNP-leden oan de lanlike ferkiezings. Foarst waard frege oft de FNP sûnder betingsten dielnimme moatte soe oan de lanlike ferkiezings. Krekt in bytsje minder as in kwart fan de respondinten wie fan miening dat de FNP sûnder foarbehâld oan de striid yn de lanlike ferkiezings dielnimme moat. Mear as 50% wie der op tsjin of hiel bot op tsjin.

Op de fraach oft de FNP, by in reële kâns op it heljen fan in sit, oan de lanlike ferkiezings dielnimme moatte soe, wie in bytsje minder as de helte fan de respondinten fan betinken dat de partij dan wol oan de lanlike ferkiezings meidwaan moat. In kwart fan de leden is fan miening dat de FNP net oan de lanlike ferkiezings dielnimme moat, sels as de FNP der aardich wis fan wêze kin in sit te heljen.

In oare mooglikheid om diel te nimmen oan de lanlike ferkiezings is om dat yn 'e mande mei oare partijen te dwaan, om sa in bettere kâns te hawwen. 63,3% fan alle respondinten is it dermei iens dat gearwurking mei oare partijen akseptabel is. In bytsje mear as 20% is derop tsjin om mei oare partijen gear te wurkjen.

As de FNP beslute soe oan de lanlike ferkiezings diel te nimmen, soe 75% fan alle leden op de FNP stimme. Dy stipe is te ferlykjen mei de resultaten yn 2000, doe't 73% oanjoech by lanlike ferkiezings op de FNP te stimmen.

Op de fraach nei it eventueel feroarjen fan de namme fan de FNP – oft it wurd nasjonaal derút of deryn bliuwe moat – seit 59,3% dat it wurd nasjonaal perfoast bliuwe moat of bliuwe moat. 21,8% fan de leden seit dat it better wêze soe om it wurd 'nasjonaal' út de namme fan de partij te skrassen. Yn 2000 sei 49% fan alle leden dat se it wurd 'nasjonaal' yn de namme hâlde woe en 28% joech in lichte foarkar oan it feroarjen fan de namme. Oer it generaal liket it sa te wêzen dat de leden it wurd 'nasjonaal' yn de namme fan de partij hjoed-de-dei makliker akseptearje.

Ferskate 'bedrigingen' foar Fryslân, fan eksterne oant ynterne, kinne identifisearre wurde. FNP-leden meitsje

har it measte soargen om de Fryske taal en kultuer, folge troch de migraasje fan jonge Friezen en in gemis oan fertrouwen ûnder de Friezen. Grutskalige projekten en it lanlik regear yn De Haach wurde troch in signifikant diel fan de leden ek as wichtige bedrigingen sjoen.

Identiteit

Krapoan 60% fan de leden is tige grutsk op syn Fryske identiteit en goed 30% is dêr aardich grutsk op; 6% fan de leden is dat net. As immen grutsk op syn Fryske identiteit is, betsjut dat net dat dy identiteit eksklusyf is. FNP-leden waard frege hoe Frysk hja har fiele yn ferlyk mei in mooglik Nederlânske identiteit. 26,6% fan de FNP-leden fielt him allinne mar Frysk. 59,4% fielt him mear Frysk as Nederlânsk. 12,2% fielt him likefolle Frysk as Nederlânsk. 0,6% fielt him minder Frysk as Nederlânsk of allinne mar Nederlânsk. De measte FNP-leden fiele sawol in Fryske as ek in Nederlânske identiteit, mar de measte leden achtsje har Fryske identiteit it wichtichst.

FNP-polityk

Der is ek nei de politike preferinsjes frege. De trije gebieten dêr't neffens de leden de FNP him it meast op rjochtsje moat, binne beskerming fan de taal, it gea en de identiteit. Dy wurde assosjearre mei 'Frysksinigens' en binne dêrom foar har wichtich. It skeppen fan banen en oan it miljeu relatearre ûnderwerpen krije ek hege skoare. Gearwurking mei oaren oangeande wrâldomfiemjende ûnderwerpen wurdt ek as wichtich beskôge. It stribjen nei politike desintralisaasje yn Fryslân is wat dûbelsinnich. Oan 'e iene kant mei ferûndersteld wurde – rekken hâldend mei de fisy fan de FNP op lokale mienskippen en lytsskalige ûntwikkeling – dat FNP-leden sa'n polityk stypje soene. Oan 'e oare kant binne leden faaks wat benaud foar it lytser wurden fan de machtsposysje fan de provinsje. Stipe foar ynvestearings yn yndustrialisaasje en ynfrastruktuer wjerspegelje minder de FNP-fisy fan lytsskalige ûntwikkeling. Fierders is stipe foar in polityk dy't oanstjoert op EU-yntegraasje en in multykultureel Fryslân lytser. Dat kin ûngelikens útlein wurde. Foarst binne de lêste tsien jier negative fisys oangeande beide ûnderwerpen ta utering kommen yn in bredere Nederlânske kontekst. Twad soe it wêze kinne dat FNP-leden dat net as in taak foar har partij sjogge, om't hja dy ûnderwerpen as nasjonale of Europeeske tema's beskôgje. Tred wurde dy tema's as minder wichtich sjoen yn de Fryske kontekst. Wy moatte lykwols de betsjutting fan 'legere' skoare net oerdriuwe. Se skoare allegearre boppe de 5, wat oanjout dat FNP-leden oer it generaal wolle dat de partij foar dy tema's politike stânpunten hat of ûntwikkelet.

Grûnwetswizing

Sa'n fyfde part fan de leden wol graach dat Fryslân ûnôfhinklik fan Nederlân wurdt. Hoewol't minder as de helte fan de stipers foar ûnôfhinklikens it tige iens is mei de útspraak dat Fryslân in ûnôfhinklike steat wêze moatte soe, lit in mearderheid fan de stipers foar ûnôfhinklikens it foarkomme dêr net hiel bot foar te fielen. Mear as 60% fan de leden wol net dat Fryslân ûnôfhinklik wurdt. Lykwols tinkt in mearderheid fan de FNP-leden, hast 60%, dat it Nederlânske regear net by steat is om de Fryske identiteit te beskermjen. Dêrom leit it mear foar de hân dat in beheinde wizing fan de grûnwet troch in mearderheid fan de leden winske wurdt.

Kulturele autonomy wurdt stipe troch in oerweldigjende mearderheid fan de leden, krekt mear as 80%, en minder as 5% fersmyt de needsaak fan kulturele autonomy. Ien fan de grûnlizzende prinsipes fan de FNP is dat de partij in federaal systeem yn Nederlân hawwe wol. It liket dan ek wat ferrassend dat goed 50% de opfetting stipet dat in federaal systeem better foar Fryslân wêze soe. Fierder hat eksakt 14% dy bewearing fersmiten.

Op de fraach hokker mooglikheid foar FNP-leden de bêste konstitúsionele opsje is, woe mar 18% in federale struktuer. Minder as 10% wol folsleine ûnôfhinklikens binnen of bûten de EU. In mearderheid fan 47% wol mear macht foar de provinsje binnen it hjoeddeistige konstitúsionele ramt. 17% hat in goed gefoel by de hjoeddeistige status quo.

Konklúzjes

De resultaten fan dizze enkête meitsje it wis wurdich om fierder te gean mei it ûndersyk. Yn de folgjende faze sil in sosjo-ekonomysk ferlykjende stúdzje mei de SNP yn it gehiel behelle wurde. Sommige fan de resultaten binne it wurdich om mei oare stúdzjes oer partijlidmaatskip yn Nederlân ferlike te wurden; yn it bysûnder de resultaten dy't te krijen hawwe mei de sprieding man/frou en leeftyd binne yn dit ramt fan belang. Fierder ûndersyk fan de resultaten oangeande identiteit is ek nijsgjirrich. Yn it bysûnder sil in ferlyk mei de SNP weardefol ynsjoch opleverje yn guon fan de fraachstikken dy't yn de wittenskiplike literatuer yn grutter ferbân mei oan identiteit kepele binne.

De resultaten

Persoanlike ynformaasje

1 Binne jo:	
Man	70.3%
Frou	29.7%

2 Yn hokker jier binne jo berne:	
Ynfolle	Net ynfolle
97.2% (= trochinoar 1949, jannewaris)	2.8%

3 Wat is it mienskiplik ynkommen fan jo húshâlding (Bruto)?			
Minder as € 20.000	9.7%	€ 60.001 – € 80.000	13.1%
€ 20.001 – € 40.000	37.5%	€ 80.001 – € 100.000	4.3%
€ 41.000 – € 60.000	27.3%	Mear as € 100.000	2.9%
Net ynfolle	5.2%		

4 Wat is jo heechste skoaloplieding?			
Legere skoalle	3.5%	Leger beropsûnderwiis	9.7%
Middelbere skoalle	34.9%	HBÛ / Universiteit	49.9%
Oars	1.6%	Net ynfolle	0.4%

5 Wêr binne jo berne?	
Fryslân	88.6%
In oare provinsje yn Nederlân	10.5%
Earne oars, nammentlik (a.j.b. ynfolje):	0.7%
Net ynfolle	0.2%

Politike partijen

6 Ferfolje jo in funksje foar de FNP (riedslid, kommisjelid, bestjoerslid, keazen fertsjintwurdiger)?	
Ja	25.6%
Nee	73.9%
Net ynfolle	0.5%

7 Ik bin FNP-lid sûnt:	
0 – 5 jier	18.5%
6 – 10 jier	22.8%
11 – 20 jier	23.3%
Langer as 20 jier	32.8%
Wit net	1.2%
Net ynfolle	1.4%

8 Wat wiene foar jo de wichtichste redenen om FNP-lid te wurden? Jou jo top-3. (Kies 3 antwurden. 1 is it wichtichst, 2 is it op ien nei wichtichst en 3 is it op twa nei wichtichst)											
	1 ^e	2 ^e	3 ^e	Gjin foarkar	Net ynfolle		1 ^e	2 ^e	3 ^e	Gjin foarkar	Net ynfolle
	%	%	%	%	%		%	%	%	%	%
Ik wol mear politike sizzenkip foar Fryslân	18.7	10.4	9.2	8.5	53.4	Op oanrieden fan famylje en/of freonen	2.9	0.5	3.5	2.1	91.0
Ik meitsje my soargen om it feit dat net-Friezen te folle ynfloed yn Fryslân hawwe	9.8	8.1	10.7	6.4	64.9	Ik bin teloarsteld yn oare politike partijen	1.2	3.6	3.6	1.9	89.6
Ik meitsje my soargen om de Fryske taal	22.6	21.6	10.4	9.8	35.6	It wie tige te sprekken oer de FNP fertsjintwurdigers	7.3	6.6	7.1	5	74.1
Ik meitsje my soargen om de Fryske identiteit	12.6	16.9	15.4	7.9	47.2	Oars, nammentlik (a.j.b. ynfolje)	3.1	0.2	1.4	0.7	94.6
Ik meitsje my soargen om it Fryske lânskip	5.4	6.9	11.9	4.8	71.0						

9 Stimme jo op de FNP by de provinsjale ferkiezings en/of de gemeenteriedsferkiezings?	
By beide	88.4%
Allinne de provinsjale ferkiezings	3.8%
Allinne de gemeenteriedsferkiezings	2.8%
Ik stim net op de FNP	2.6%
Net ynfolle	2.4%

10 By de nasjonale ferkiezings stim ik nei alle gedachten op:			
CDA	17.8%	Christen Unie	5.4%
PvdA	16.4%	Partij voor de dieren	1.9%
VVD	6.4%	TON	0.3%
D66	9.8%	PVV	5.4%
GroenLinks	12.3%	SGP	0.2%
SP	10.4%	Ik stim net	2.8%
Oars, nammentlik:	1.6%	Net jildich	2.9%
Net ynfolle	2.2%	Wit net	4.3%

11 Binne jo it iens mei de folgjende stellingen?						
	Alhiel mei iens	Mei iens	Noch mei iens, noch mei ûniens	Mei ûniens	Alhiel mei ûniens	Net ynfolle
11.1 De FNP moat hoe dan ek meidwaan mei de Twadde Keamerferkiezings as selsstannige partij, ek as de kâns op in sit tige lyts is.	13.0%	11.4%	16.6%	35.1%	16.6%	7.4%
11.2 De FNP moat allinne meidwaan oan de Twadde Keamerferkiezings as der in reële kâns op in sit is.	13.3%	33.7%	16.8%	15.2%	10.5%	10.5%
11.3 De FNP mei bêst gearwurkje mei in oare partij(en) om yn de Twadde Keamer te kommen.	17.1%	41.5%	14.3%	11.6%	8.1%	7.4%

12 As de FNP meidwaan soe oan de nasjonale ferkiezings dan soe ik stimme op:	
FNP	75.1%
In oare partij	18.0%
Ik soe hielendal net stimme	1.4%
Wit net	1.7%
Net ynfolle	3.8%

13 Ik fyn dat it wurd ‘nasjonaal’ yn de namme fan de Fryske Nasjonale Partij:	
Absolút ferfongen of ferwidere wurde moat	4.0%
It soe better wêze as it ferfongen of ferwidere wurdt	17.4%
It is sa goed mar it mei der ek bêst úthelle wurde	18.5%
Lit it mar sa	34.7%
It moat absolút bliuwe	23.5%
Net ynfolle	1.9%

14 As jo josels oan de linker- of de rjochterkant fan it politike spektrum pleatse soene, wêr passe jo dan it bêste? (Omsirkelje ien getal fan 1 oant 7)										
Links	1	2	3	4	5	6	7	Rjochts	Wit net	Net ynfolle
	4.8%	13.3%	26.9%	16.8%	14.3%	7.1%	2.4%		10%	4.3%

Identiteit

15 Wat binne neffens jo de 3 grutste bedrigingen foar Fryslân? (Kies 3 antwurden. 1 is it wichtichst, 2 is it op ien nei wichtichst en 3 is it op twa nei wichtichst)												
	1 ^e	2 ^e	3 ^e	Gjin foarkar	Net ynfolle		1 ^e	2 ^e	3 ^e	Gjin foarkar	Net ynfolle	
	%	%	%	%	%		%	%	%	%	%	
It ferdwinen fan de Fryske taal	37.1	14.3	8.8	10.0	29.7	Ferneatiging fan de Fryske kultuer	9.7	20.4	10.9	5.7	53.4	
Ymmigraasje út in oar part fan Nederlân wei	4.3	6.6	4.3	1.6	83.2	Bûtenlânsk eignerskip fan Fryske bedriuwen	0.5	3.1	3.8	1.6	91.0	
Emigraasje fan jonge Friezen nei in oar part fan Nederlân	7.3	10.7	10.2	4.7	67.2	Globalisearring	1.9	3.3	3.3	0.7	90.8	
Klimaatferoaring	1.7	1.4	0.2	0.9	95.9	It regear yn Den Haach	5.5	5.2	10.5	3.8	75.0	
It belied fan de Europeeske Uny	0.7	0.3	1.6	1.2	96.2	Ymmigraasje fan bûten Nederlân	0.2	1.9	1.4	1.2	95.3	
In gebrek oan fertrouwen ûnder de Friezen	7.3	9.5	12.1	4.1	67.0	Grutskalige megaprojekten	6.7	6.4	11.9	3.3	71.7	
Oars	2.4	0.2	1.6	0.3	95.5							

16 Hoe grutsk binne jo op jo Fryske identiteit?	
Tige grutsk	58.7%
Grutsk	33.2%
Net hiel grutsk	4.3%
Hielendal net grutsk	1.6%
Ik fiel my net Frysk	0.5%
Net ynfolle	1.7%

17 Hokker fan de ûndersteande stellingen beskriuwt it bêste jo identiteit?	
Frysk, net Nederlânsk	26.3%
Mear Frysk as Nederlânsk	58.7%
Krekt sa folle Frysk as Nederlânsk	12.1%
Mear Nederlânsk as Frysk	0.3%
Nederlânsk, net Frysk	0.3%
Net ien fan de boppesteande mooglikheden, mar oars, nammentlik (a.j.b. ynfolje):	1.0%
Net ynfolle	1.2%

18 Hoe wichtich binne neffens jo de folgjende faktoaren wat it Fries wêzen oangiet?					
	Tige wichtich	Wichtich	Net sa wichtich	Alhiel net wichtich	Net ynfolle
It hawwen fan Fryske foarâlden	30.6%	34.9%	26.6%	3.6%	4.3%
It praten en begripen fan de Fryske taal	78.8%	19.3%	0.2%		1.7%
It skriuwen en lêzen fan de Fryske taal	48.0%	41.5%	6.4%	0.2%	4.0%
Berne te wêzen yn Fryslân	23.0%	30.6%	30.9%	11.2%	4.3%
Op dit stuit yn Fryslân te wenjen	32.8%	29.9%	26.1%	6.7%	4.5%
Foar it grutste part fan jins libben yn Fryslân wenne te hawwen	23.7%	33.3%	32.6%	6.0%	4.3%
It respektarjen fan de Fryske regels en Fryske politike ynstellingen	31.8%	44.9%	14.9%	3.1%	5.4%
Jin Fries te fielen	72.5%	20.7%	2.4%	0.3%	4.0%

19 Fries te wêzen of jin Fries te fielen hat ûnderskate aspekten; in tal dêrfan wurdt hjirûnder neamd. Hokker binne foar jo persoanlik wichtich as jo tinke oan Fries te wêzen? Kies jo top-3. (1 is it wichtichst, 2 is it op ien nei wichtichst en 3 is it op twa nei wichtichst)											
	1 ^e	2 ^e	3 ^e	Gjin foarkar	Net ynfolle		1 ^e	2 ^e	3 ^e	Gjin foarkar	Net ynfolle
	%	%	%	%	%		%	%	%	%	%
Fryske taal	51.6	15.2	7.1	7.1	19.0	Fryske sportprestaasjes		1.2	1.7	0.7	96.4
Frysk konsept fan frijheid (Frysk en frij)	10.0	6.7	4.1	1.6	77.5	Fryske lânbou	0.9	1.4	1.9	0.5	95.3
Frysk lânskip	4.0	10.9	7.8	2.6	74.8	It Fryske folk	9.5	9.3	10.4	1.6	69.3
Fryske skiednis	2.4	8.1	12.3	1.9	75.3	It feit dat Friezen in minderheid foarmje	1.0	2.1	2.1	0.7	94.1
Fryske politike ynstellingen (Provinsjehûs)	0.3	2.2	4.1	0.7	92.6	Fryske keunst, literatuer en muzyk	1.4	7.6	9.3	1.0	80.7
Fryske tradysjes	2.6	9.5	12.3	1.4	74.3	Frysk ûnderwiis	3.8	11.7	12.4	3.6	68.4
Oars	1.0				99.0						

20 Wa't we binne en wêr't we wenje kin relatearre wurde oan termen lykas Strjitte, Regio, Stêd, Lân, Naasje, Europa, de Wrâld. As jo sa tinke oer wêr't jo wenje, hokker fan de ûndersteande opsjes binne dan it wichtichst yn jo deistich libben? Kies jo top-3.
(1 is it wichtichst, 2 is it op ien nei wichtichst en 3 is it op twa nei wichtichst)

	1 ^e	2 ^e	3 ^e	Gjin foarkar	Net ynfolle		1 ^e	2 ^e	3 ^e	Gjin foarkar	Net ynfolle
	%	%	%	%	%		%	%	%	%	%
De strjitte dêr't jo yn wenje	7.1	3.8	6.2	2.8	80.1	De Gemeente	1.7	8.1	7.6	1.0	81.5
Stêd of doarp	21.6	22.6	12.8	3.3	39.7	De Provinsje Fryslân	38.0	21.1	16.2	5.7	19.0
In Regio yn Fryslân (Wâlden, Klaai, ensfh)	16.2	17.8	9.8	3.3	52.8	Nederlân	1.9	7.1	11.2	2.1	77.7
Europa	1.2	2.8	9.7	1.0	85.3	De Wrâld	2.8	2.2	10.9	1.0	83.1
Oars	0.7	0.5	0.2		98.6						

21 Minsken ferskille yn hoe't se oer harsels tinke en hoe't se harsels beskriuwe. Hokker fan de folgjende mooglikheden binne foar jo it wichtichst as jo josels beskriuwe? Kies jo top-3.
(1 is it wichtichst, 2 is it op ien nei wichtichst en 3 is it op twa nei wichtichst)

	1 ^e	2 ^e	3 ^e	Gjin foarkar	Net ynfolle		1 ^e	2 ^e	3 ^e	Gjin foarkar	Net ynfolle
	%	%	%	%	%		%	%	%	%	%
Jo sosjale klasse	9.7	8.8	9.8	2.4	69.3	Jo nasjonale identiteit	22.6	13.0	9.5	4.0	50.9
Jo leeftydsgroep / generaasje	8.8	9.7	10.9	2.6	68.0	Jo geslacht	7.3	4.0	3.5	0.9	84.5
Jo religy	7.6	5.5	6.4	1.9	78.6	De stêd of it doarp dêr't jo wenje	8.3	17.3	14.2	2.8	57.5
Jo etnyske groep	5.4	3.3	1.2	0.3	89.8	It wurk dat jo dogge of diene	13.1	14.0	17.8	2.8	52.3
Jo politike oertsjûging	2.1	7.4	8.1	1.9	80.5	Oars	3.1	0.3	0.9	0.2	95.5

22 Binne jo it iens mei de folgjende stellingen?

	Alhiel mei iens	Mei iens	Noch mei iens, noch mei ûniens	Mei ûniens	Alhiel mei ûniens	Net ynfolle
22.1 Yn de rest fan Nederlân sjogge se del op Friezen	4.1%	19.0%	30.2%	35.1%	8.1%	3.5%
22.2 Jo kinne like grutsk wêze op jo Fryske identiteit as op jo Nederlânske identiteit. It is net in kwestje fan kiezen.	24.9%	36.4%	12.1%	15.9%	7.4%	3.3%
22.3 Yn guon situaasjes is it better om te sizzen dat je Nederlander binne en soms is it better om te sizzen dat je Fries binne.	4.3%	19.0%	15.5%	33.0%	24.2%	4.0%
22.4 As immen krityk op Fryslân hat, lûk ik my dat persoanlik oan.	18.5%	42.3%	19.2%	13.0%	3.5%	3.6%
22.5 Friezen bekriftisearje Fryslân te folle.	13.5%	35.1%	26.9%	18.0%	2.1%	4.5%

FNP-belied

23 Op in skaal fan 0 oant 10 fyn ik it wichtich dat de FNP him ynset foar: (0 betsjut hielendal net wichtich, 10 betsjut tige wichtich)													
23.1 Minderheden en flechtlingen yn Fryslân													
0	1	2	3	4	5	6	7	8	9	10	Net ynfolle	Trochinoar	
3.6%	3.6%	3.6%	5.5%	5.9%	14.3%	10.4%	15.7%	17.4%	4.8%	10.9%	4.1%	6.12	
23.2 Mear politike gearwurking tusken Fryslân en oare regio's yn Europa													
0	1	2	3	4	5	6	7	8	9	10	Net ynfolle	Trochinoar	
0.5%	1.0%	2.8%	2.1%	4.1%	9.8%	9.5%	19.0%	26.8%	10.0%	10.5%	3.8%	7.05	
23.3 Politike desintralisaasje yn Fryslân													
0	1	2	3	4	5	6	7	8	9	10	Net ynfolle	Trochinoar	
0.9%	2.4%	1.9%	6.0%	4.8%	18.0%	10.4%	13.0%	18.3%	5.7%	10.4%	8.3%	6.41	
23.4 Mear beskerming foar it Frysk as taal													
0	1	2	3	4	5	6	7	8	9	10	Net ynfolle	Trochinoar	
	0.3%	0.5%	0.7%		2.6%	2.6%	7.6%	22.3%	20.0%	40.9%	2.4%	8.74	
23.5 Ynternasjonale gearwurking om klimaatferoaring tsjin te gean													
0	1	2	3	4	5	6	7	8	9	10	Net ynfolle	Trochinoar	
2.2%	3.3%	3.3%	3.3%	3.5%	10.9%	8.3%	12.6%	18.8%	13.1%	17.4%	3.3%	6.92	
23.6 Mear beskerming foar it Fryske lânskip													
0	1	2	3	4	5	6	7	8	9	10	Net ynfolle	Trochinoar	
	0.9%	0.3%	0.7%	0.7%	2.4%	4.0%	13.3%	25.2%	19.5%	30.4%	2.6%	8.38	
23.7 Mear sizzenkip foar Fryslân yn de Europeeske Uny													
0	1	2	3	4	5	6	7	8	9	10	Net ynfolle	Trochinoar	
1.0%	1.6%	1.0%	3.5%	2.1%	5.2%	10.9%	14.3%	21.9%	16.2%	19.3%	2.9%	7.51	
23.8 Mear ynvestearrings yn miljeufreonlike projekten													
0	1	2	3	4	5	6	7	8	9	10	Net ynfolle	Trochinoar	
0.3%	1.2%	1.2%	2.2%	1.9%	6.4%	10.2%	15.9%	27.1%	14.9%	16.1%	2.6%	7.53	
23.9 In multykulturele mienskip yn Fryslân													
0	1	2	3	4	5	6	7	8	9	10	Net ynfolle	Trochinoar	
5.0%	5.0%	4.3%	6.2%	6.6%	16.2%	13.8%	18.0%	13.6%	3.8%	4.1%	3.3%	5.51	
23.10 Fierdere Europeeske yntegraasje													
0	1	2	3	4	5	6	7	8	9	10	Net ynfolle	Trochinoar	
3.3%	5.0%	5.4%	8.8%	8.6%	17.3%	13.8%	14.0%	11.9%	4.3%	3.8%	3.8%	5.36	
23.11 Mear beskerming fan de Fryske identiteit													
0	1	2	3	4	5	6	7	8	9	10	Net ynfolle	Trochinoar	
	0.5%	0.7%	0.7%	0.9%	3.3%	4.3%	12.4%	25.7%	19.7%	29.0%	2.8%	8.33	
23.12 Yndustrialisaasje en ynfastruktuer													
0	1	2	3	4	5	6	7	8	9	10	Net ynfolle	Trochinoar	
2.6%	3.3%	6.4%	5.9%	7.1%	16.9%	13.8%	16.1%	15.4%	4.3%	4.3%	4.0%	5.7	
23.13 Skeppen fan wurkgelegenheid													
0	1	2	3	4	5	6	7	8	9	10	Net ynfolle	Trochinoar	
0.2%	0.3%	1.0%	1.2%	3.1%	6.7%	5.4%	14.5%	33.5%	15.0%	16.6%	2.4%	7.74	

Steatsynrjochting

24 Binne jo it iens mei de folgjende stellingen?						
	Alhiel mei iens	Mei iens	Noch mei iens, noch mei ûniens	Mei ûniens	Alhiel mei ûniens	Net ynfolle
24.1 Fryslân soe in ûnôfhinklike steat wurde moatte	8.1%	11.2%	18.7%	33.7%	26.4%	1.9%
24.2 It Nederlânske regear is poerbêst by steat om de Fryske identiteit te beskermjen	4.0%	18.1%	18.7%	36.6%	20.6%	2.1%
24.3 Kulturele autonomy foar Fryslân is tige wichtich	36.4%	42.7%	14.0%	3.8%	1.0%	2.1%
24.4 Yn in federalistysk Nederlân soe Fryslân better ôf wêze	19.7%	30.2%	32.0%	9.5%	5.2%	3.5%

25 Hjirûnder steane ferskate opsjes oangeande steatsynrjochting foar Fryslân; kinne jo oanjaan hokker neffens jo de bêste opsje is?	
Fryslân moat ûnôfhinklik wêze bûten de Europeeske Uny	1.9%
Fryslân moat ûnôfhinklik wêze binnen de Europeeske Uny	6.6%
Fryslân moat diel útmeitsje fan in federalistysk Nederlân (ûnôfhinklik binnen in Nederlânske Uny)	17.1%
De hjoeddeistige Fryske Provinsjale Steaten moatte mear politike macht en ferantwurdlikheid krije	45.3%
De hjoeddeistige situaasje is prima	16.4%
Mear as ien opsje keazen	9.5%
Net ynfolle	3.3%

Migraasje

26 Guon minsken miene dat it better is dat etnyske minderheidsgroepen (ymmigranten) yn in lân har eigen tradysjes en gewoanten behâlde. Oaren tinke dat it better is dat dy groepen har oanpasse oan de mearderheid yn de mienskip. Hokker fan dy stânpunten strike it meast mei jo eigen?	
It is better as minderheden har eigen tradysjes en gewoanten behâlde kinne.	13.8%
It is better as minderheden har oanpasse oan de mearderheid.	25.0%
Beide stânpunten binne like wichtich.	57.9%
Net ynfolle	3.3%

27 Binne jo it iens mei de folgjende stellingen?						
	Alhiel mei iens	Mei iens	Noch mei iens, noch mei ûniens	Mei ûniens	Alhiel mei ûniens	Net ynfolle
27.1 Friezen soene it foar it sizzen hawwe moatte yn Fryslân.	26.3%	38.0%	20.4%	10.9%	1.2%	3.3%
27.2 Der binne te folle net-Fryske ynfloeden yn Fryslân.	25.0%	47.3%	19.0%	5.7%	0.5%	2.4%
27.3 Net-Friezen soene op syn minst Frysk ferstean en prate kinne moatte as se yn Fryslân wenje.	37.8%	46.6%	8.5%	4.8%	0.5%	1.7%
27.4 It is wichtich dat ymmigranten en bern fan ymmigranten ûnder elkoar har eigen taal prate kinne.	12.1%	54.9%	20.2%	7.1%	4.3%	1.4%
27.5 Yn Fryslân soene eins de Kommissaris fan de Keninginne en de boargemasters fan Fryske komôf wêze moatte.	24.0%	34.0%	23.0%	14.9%	2.6%	1.5%
27.6 Ymmigranten en bern fan ymmigranten soene mear oerheidsstipe krije moatte om se te helpen har kultuer te behâlden.	1.4%	15.5%	31.6%	34.7%	15.0%	1.7%
27.7 It is better as elkenien dy't yn in lân wennet deselde gewoanten en tradysjes hat.	4.5%	12.4%	24.0%	42.3%	15.0%	1.8%

28 Tinke jo dat it tal bûtenlânske (net-Nederlânske) ymmigranten yn Fryslân yn de takomst:	
Flink tanimme moat	1.0%
In bytsje tanimme moat	14.5%
Itselde bliuwe moat	46.1%
In bytsje sakje moat	16.8%
Flink sakje moat	16.6%
Net ynfolle	5.0%

Europa

29 Binne jo it iens mei de folgjende stellingen?						
	Alhiel mei iens	Mei iens	Noch mei iens, noch mei ûniens	Mei ûniens	Alhiel mei ûniens	Net ynfolle
29.1 Fryslân soe mear sizzenkip yn de EU krije moatte sadat it better syn belangen ferdigenje kin	25.7%	45.8%	19.7%	5.2%	1.0%	2.6%
29.2 De Europeeske Uny is te sintralisearre	14.7%	36.1%	34.5%	6.9%	1.2%	6.6%
29.3 Gearwurking mei oare Europeeske minderheidsregio's is wichtich foar Fryslân	39.6%	50.6%	5.0%	1.9%	0.9%	2.1%

30 Guon minsken binne fan betinken dat de Europeeske Uny mear beslissingsmooglikheden krije moat en in federaasje wurde moat. Oaren miene dat dy Uny benammen basearre wêze moat op nasjonale gearwurking tusken lidsteaten. Hokker fan dy stânpunten strike it meast mei jo eigen?	
De EU moat in federaasje wurde	27.5%
De EU moat allinnich basearre wêze op nasjonale gearwurking	45.3%
Gjin fan beide	17.6%
Net ynfolle	9.7%

Miljeu

31 Binne jo it iens mei de folgjende stellingen?						
	Alhiel mei iens	Mei iens	Noch mei iens, noch mei ûniens	Mei ûniens	Alhiel mei ûniens	Net ynfolle
31.1 Fryslân soe mear yn miljeufreonlike projekten ynvestearje moatte om op it mêd fan miljeubeskerming in foarrinersrol yn it nimmen.	30.2%	44.9%	15.7%	5.0%	0.7%	3.5%
31.2 As it giet om miljeubeskerming kinne oare lannen in soad fan Fryslân leare.	4.5%	27.5%	53.0%	9.8%	1.0%	4.1%
31.3 Wy meitsje ús te folle soargen om it miljeu en tinke net genôch oan hege prizen en wurkgelegenheid.	4.7%	18.8%	28.0%	35.8%	9.5%	3.2%
31.4 Om wille fan it miljeu soene autoriders mear belesting betelje moatte.	5.9%	19.9%	27.1%	34.5%	9.8%	2.8%
31.5 Nukleêre enerzjy is essinsjeel foar de takomstige ekonomyske ûntwikkeling.	6.7%	20.0%	21.6%	25.0%	23.3%	3.3%

32 Wat goed is foar it toerisme, de lânbou of de wurkgelegenheid is net altyd goed foar it miljeu. As it derop oankomt hingje ik mear oer nei de kant fan:	
It toerisme, de lânbou en de wurkgelegenheid	56.3%
It miljeu	36.8%
Mear as ien opsje	2.1%
Net ynfolle	4.8%

FNP-adressen

FNP-Hûs, Obrechtstrjitte 32, 8916 EN Ljouwert
 Antwurdnûmer 5034, 8900 VB Ljouwert
 (058) 213 14 22; faks 213 14 20; fnphus@globalxs.nl
 Buro: Tjibbe Brinkman, Twizel
 (0511) 54 22 73, tbrinkman@chello.nl

**It FNP-hûs is iepen op tiisdeis en tongersdeis
 fan 9.00 oant 13.00 oere**

Rabobank: 30 50 14 528
 Fryslân Bank: 29 80 05 867
 Ynternet: www.fnp.nl

HAADBESTJOER

Nynke Beetstra, foarsitter, Grou
 (0566) 62 24 85, taalwurkfryslan@hetnet.nl
Anke Dykstra-de Boer, skriuwer, Warkum
 (0515) 54 19 97, anke.deboer@zonnet.nl
Gerrit Idsardi, ponghâlder, Twizelerheide
 (0511) 44 35 23, gidsardi@kpnmail.nl
Jan van der Kooi, Tytsjerk
 (0511) 43 21 27, j.v.d.kooi18@kpnplanet.nl
Schouwte Scholte-Tjeerdsma, Grou
 (0566) 62 15 31, hscholte@hetnet.nl
Aeltsje de Groot-Zantema, Stiens
 (058) 257 38 33, n.degroot3@chello.nl
Jaap Hijma, Marrum
 (0518) 41 27 72, j.hyma@chello.nl
Jantsje Heeringa, Ljouwert
 (06) 4104 7460, jantsjeheeringa@hotmail.com

REDAKSJE FRIJBÛTSJER

Willem Tjerkstra, Snits, willem_tjerkstra@hotmail.com
Nynke Beetstra, Grou, taalwurkfryslan@hetnet.nl
Jitske Zaadstra, Turns, jitskezaadstra@planet.nl
Jan Breimer, Grou, jan.breimer@chello.nl
Kopij: p/a FNP-Hûs; e-post: frijb.ynfo@fnp.nl

STEATEFRAKSJE

p/a Provinsjehûs (058) 292 58 03, fnp@sis.fryslan.nl
Janke de Vries, fraksjemeiwurkster
Yde Dijkstra, beliedsmeiwurker
Johannes Kramer, Sibrandabuorren, foarsitter
 (0515) 52 06 40, e-post: kramer@sis.fryslan.nl
Annigje Toering-Schuermans, Mantgum
 (058) 250 15 64, toering@sis.fryslan.nl
Douwe Bylsma, Stiens
 (058) 257 16 35, bijlsma@sis.fryslan.nl
Pytsje de Graaf-van der Meer, Ternaard
 (0519) 57 19 29, graaf@sis.fryslan.nl
Marten van der Veen, Twizelerheide
 (0511) 44 47 95, m.vdveen@sis.fryslan.nl

WETTERSKIPSFRAKSJE

Lolke Folkertsma, Dokkum, foarsitter
 (0519) 22 16 60, lolke.folkertsma@mediact.nl
Wopke Veenstra, Boelensloane
 (0512) 34 27 70, wb.veenstra@hetnet.nl

EARSTE-KEAMER: OSF, Hindrik ten Hoeve, Stiens
 (058) 257 34 47, htenhoeve@chello.nl

**Arno van der Zwet presintearret útslach
 FNP-enkête 2009**

Yn dizze Frijbûtsjer stiet de útslach ôfprinte fan de enkête dy't âld-Burgumer Arno van der Zwet yn maart i.l. ûnder de FNP-leden holden hat. Van der Zwet wurket yn Glasgow oan de Universiteit fan Strathclyde oan in promoasje-ûndersyk. Yn dat ûndersyk sil er de Scottish National Party mei de Fryske Nasjonale Partij ferlykje.

Van der Zwet wol in antwurd sykje op de fraach hoe't ditsoarte partijen omgeane mei problemen fan in globalisearjende wrâld, wêryn't soevereine steaten macht oan de Europeeske Uny kwytretsjje. De útslach fan de FNP-enkête leit der no, mar it folsleine ûndersyk kostet noch wol in tal jierren.

TPG Post
 Port betelle

By ferkeard adres, werom nei
 Obrechtstritte 32, 8916 EN LJOUWERT

Bûsboekje**Novimber**

30 Deistich bestjoer

Desimber

9 Kopij Frijbûtsjer 399
 10 Haadbestjoer

Jannewaris

9 Nijjiersgearsit en start kampanje riedsferkiezings yn It Honk te Eksmoarre

De útslach fan de enkête is ek te finen op ús webside www.fnp.nl.

Dêr stiet de folsleine analyze – mei grafiken en tabellen – dy't foar in goede ynterpretaasje fan de sifers ûnmisber is.

Fragen oer de enkête kinne maild wurde nei Arno.van-der-zwet@strath.ac.uk.